

The background of the page is a repeating pattern of circles. Each circle has a radial gradient, transitioning from a darker color in the center to a lighter color at the edges. The colors used are red and blue, alternating in a checkerboard pattern. The circles are arranged in a grid, with some overlapping at the edges.

Frysk oan bod

**Learplan Frysk foar it
Primêr Underwiis**

oktober 2005

Kolofon

Redaksje	Anita Oosterloo en Harry Paus
Teksten	De tekst fan dizze útjefte is ta stân kommen mei bydragen fan en ûnder mienskiplike ferantwurdlikens fan de ûntwikkelgroep Learplan Frysk yn it Primêr Underwiis: Jelle Bangma (CEDIN) Yvonne Dijkstra (CHN) Eelke Goodijk (CEDIN) Anita Oosterloo (SLO) Harry Paus (SLO) Piet Rodenhuis (NHL) Albert Walsweer (ECNO) Jehannes Ytsma (Fryske Akademy)
Advizen	Theun Meestringa (SLO)
Sekretariële stipe	Mea Leussink
Oersetting	Hedwig de Roos
Fotografie	Taalsintrum Frysk, mei tank oan basisskoalle 'It Fûnemint' út Wommels
Produksje	Theo van Leeuwen
Untwerp	Plein Publiek, atelier voor grafisch ontwerp, Nijmegen
Printinge	DeltaHage, Den Haag

Dizze útjefte is mei mooglik makke troch finansjele stipe fan de Provinsje Fryslân.

De folsleine ferzje fan **Frysk oan bod** is te downloaden fan www.taalsite.nl ('bibliotheek' kieze).

Besteladres **SLO, Stichting Leerplanontwikkeling**
Afdeling Verkoop
Postbus 2041
7500 CA Enschede
Telefoon 053 484 03 05
Internet <http://catalogus.slo.nl>
E-mail verkoop@slo.nl

AN 1.135.8488
isbn 90 329 2222 X

© 2005 Stichting leerplanontwikkeling (SLO), Enschede

Alle rjochten foarbehouden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, opslein yn in autori-searre gegevensbestân, of iepenbier makke wurde, yn hokker foarm of op hokker wize ek, itsjy elektroanysk, meganysk, troch fotokopyen, opnimnings, of op hokker wize ek sûnder tastimming yn 't foar fan de útjouwer.

Wurd foarôf

It Ministearje fan OCW frege yn 2003 oan it SLO om foar it fak Frysk in learplan te ûntwikkeljen foar it Primêr Underwiis¹. Yn 'e hjerst fan 2003 stelde de SLO yn nauwe gearwurking mei de Provinsje in Stjoergroep oan, dy't ûnder foarsitterskip fan dr. Th. Willemsen yn 'e rin fan 2004 de ûntwikkeling fan it learplan begeliede soe. De Stjoergroep rjochte in ûntwikkelgroep op, dy't yn 2004 útein sette. De ûntwikkelgroep bestie út: Jelle Bangma (CEDIN), Yvonne Dijkstra (CHN), Eelke Goodijk (CEDIN), Anita Oosterloo (SLO), Harry Paus (SLO), Piet Rodenhuis (NHL), Albert Walsweer (ECNO), Jehannes Ytsma (Fryske Akademy). De ûntwikkelgroep krige wiidweidige advizen fan Theun Meestringa.

It learplan Frysk past yn in al âlde tradysje: yn 'e iere jierren tachtich fan 'e foarige ieu waard der fanút it SLO, mei ta tarieding fan 'e basisskoalle, in learplan Frysk ûntwikkele. Theun Meestringa en Sikko de Jong hiene dêr it paad foar sljochte.

Ik hoopje dat dit learplan in ympuls jaan kin ta de fierdere ûntjouwing fan 'e kwaliteit fan it oanbod Frysk op 'e Fryske skoallen en dat der tagelyk in posityf effekt fanút giet foar it algemiene oanbod op 'e Fryske basisskoallen.

Ir. R. van de Vorle
Ofdielingsmanager PSN

¹ It Ministearje die dit nei oanlieding fan in ynspeksjerapport fan febrewaris 2001. Yn dat rapport 'Het onderwijs in het Fries op de basisscholen in Fryslân' waard konkludearre 'dat der gjin taalbelied troch de skoallen ûntwikkele is, dat it learstofaanbod net foldocht oan 'e kearndoelen en dat de lessen fan de leararen didaktysk sjoen net sterk binne. Differinsjaasje waard kwalik tapast en ek út observaasjes fan de ynspeksje hat bliken dien dat it begryp transfer amper brûkt wurdt'. It SLO waard frege om foar it fak Frysk in learplan te ûntwikkeljen dêr't tagelyk hânfetten yn oanbean wurde om oan de tekoartkommingsen dy't troch de ynspeksje fêststeld binne, temjitte te kommen.

Ynhâldsopjefte

2		Kolofon
3		Wurd foarôf
8		Ynlieding
11	1	De rol fan it Frysk yn it deistich libben en yn it ûnderwiis
12	1.1	Frysk yn it deistich libben
18	1.2	Frysk op skoalle
28	1.3	Perspektiven foar it learplan
29		Oandachtspunten
33	2	Modellen en prinsipes fan twatalich ûnderwiis
34	2.1	Foarmen fan twatalich ûnderwiis
42	2.2	Prinsipes foar suksesfol twatalich ûnderwiis
47		Oandachtspunten
51	3	Wat is de bedoeling dat se leare en hoe?
52	3.1	Wat binne keardoelen?
54	3.2	Skoallen krije mear te fertellen
55	3.3	In differinsjearre oanbod
57	3.4	Fan keardoelen nei tuskendoelen en learlinen
59	3.5	Kearndoel 1: Attitude
63	3.6	Kearndoel 2: Harkje
68	3.7	Kearndoel 3: Prate
75	3.8	Kearndoel 4: Lêze
79	3.9	Kearndoel 5: Skriuwe
86	3.10	Kearndoel 6: Taalskôging, wêrûnder strategyen
88	3.11	Foarmjaan oan it Frysk
91		Oandachtspunten

95	4	Taalbelied
96	4.1	Wat is taalbelied?
103	4.2	Neffens hokker fazen ferrint taalbelied?
107	4.3	Wa is ferantwurdlik foar it taalbelied?
108	4.4	Ta beslút
109		Oandachtspunten
112		Literatuerlist
119		Taheakke: Tuskendoelen en learlinen Frysk





Ynlieding

Meikoarten wurde de nije keardoelen Frysk foar it Primêr Underwiis ynfierd. Dy binne fia in oantal ynspraakrûntes yn Fryslân ta stân kommen. Dit learplan is ûntwikkele fanút dy nije keardoelen. It wol skoallen hân-fetten biede by de foarmjouwing fan Frysk yn it ûnderwiis en it wol tagelyk in ympuls jaan oan de ûntjouwing fan taalbelied dat liedt ta in hegere kwaliteit fan it (taal)ûnderwiis yn it algemien.

It boek is yn 't foarste plak skreaun foar leararen Primêr Underwiis yn Fryslân. Hja binne de minsken dy't fierhinne de kwaliteit útmeitsje fan it oanbod. Yn it twadde plak sjogge wy as doelgroep elk dy't direkt ferantwurdlik is foar it taalbelied fan skoallen: benammen de direksje, de taal-koördinator, de yntern begelieder en it boppeskoalsk management. Yn it tredde plak rjochtsje wy ús op dyjingen dy't basisskoallelearaar wurde wolle yn Fryslân: studinten fan de beide Pabûs yn Fryslân: de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert en de Kristlike Hegeskoalle Nederlân. Ta beslút tinke wy dat it boek ynformatyf wêze sil foar eltsenien dy't fierders in rol spilet by de foarmjouwing fan it basisûnderwiis, benammen de ûnderwiisadviseurs.

It boek bestiet út fjouwer haadstikken. Yn it earste haadstik jouwe wy in beskriuwing fan de posysje fan it Frysk yn Fryslân en de konsekwinssjes dêr-fan foar it ûnderwiis.

It twadde haadstik jout in byld fan prinsipes fan twatalich ûnderwiis. Wy bejouwe ús yn 'e – mânske – literatuer oer dit ûnderwerp en besjogge fanút in ideale situaasje wat de mooglikheden wêze kinne foar twatalich ûnderwiis yn Fryslân.

It tredde haadstik makket de kearn út fan dit boek. It begjint mei in koarte skôging oer de nije keardoelen. Dêroer hat yn 'e rin fan 2005 hiel wat diskusje west. Dêrnei wurde de keardoelen oerset nei tuskendoelen en learlienen. Wy jouwe oan hoe't de learstof dy't ymplisearre wurdt yn 'e keardoelen, 'ferkavele' wurdt oer de ûnderskate groepen (groep 1/2, 3/4, 5/6 en 7/8). Hieltyd jouwe wy dêrby oan hokker aktiviteiten de bern ûndernimme en wat de learaar docht. By it lêzen fan dit haadstik kriget de learaar in byld fan 'e mooglikheden fan syn ûnderwiisoanbod Frysk wannear't hy útgean wol fan de nije keardoelen.

Skoallen wurde stadichoan autonomer; hja krije sels mear te fertellen oer de ferdieling fan middels, en ek oer de ûnderwiisinhâlden. It tal regels fanút it Ministearje wurdt minder en skoallen moatte sels ferantwurdzje kinne wê't se foar kieze. Ien fan de aspekten dêr't skoallen har foar ferantwurdzje moatte, is it taalbelied. Wat binne de belangrykste saken by it meitsjen fan in kar? Hoe ferhâldt it Frysk him ta it Nederlânsk? Hoe is it taalûnderwiis organisearre? Hokker transfer is mooglik tusken de talen en hoe kinne learlingen dêr har foardiel mei dwaan? Dat binne fragen dy't yn in goed taalbeliedsplan op it aljemint brocht wurde. De skoalle kriget yn haadstik 4 hânfetten oanbean om ta sa'n taalbeliedsplan te kommen. Dat part fan it boek is benammen skreaun foar taalkoördinatoaren en oaren dy't fuort ferantwurdlik binne foar de ûntwikkeling fan taalbelied (direksjes, yntern begelieders).

Elk haadstik wurdt ôfsletten mei in tal oandachtspunten. Skoalteams kinne dy brûke by it meitsjen fan in analyse fan 'e skoalsituaasje. De ynformaasje dy 't út it besprek fan de oandachtspunten komt, kin as ynput brûkt wurde foar it ûntwikkeljen fan taalbelied.

Boppedat kinne de oandachtspunten hânfetten opleverje foar it ferwurkjen fan de tekst, bygelyks troch Pabûstudinten.

Yn it boek wurde in protte begripen brûkt dêr't net oeral in definysje fan jûn wurdt. Wy ferwize de lêzer foar omskriuwingen fan begripen op it mêd fan taal en taalûnderwiis nei it leksikon fan de taalsite (www.taalsite.nl).

Om wille fan de lêsberens ha wy derfoar keazen om konsekwint te sprekken oer de 'learaar' en nei de learaar te ferwizen mei 'hy'.

Skriuwen betsjut kieze. De ûntwikkelgroep Learplan Frysk yn it Primêr Underwiis hat kieze moatten op tal fan punten. Soms wie dat lestich. Hoefolle oandacht wolle wy jaan oan it toetsen en observearjen fan it taalgedrach fan bern? Wat nimme wy op oer de ynhâlden en didaktyk fan de Fryske stavering? Mar ek: Hoe kinne jo as learaar no yn in heterogene groep differinsjearje yn dyn oanbod foar it Frysk? Diskusjes oer soksoarte kwestjes hawwe ús as ûntwikkelgroep safolle dúdlik makke dat wurkjen oan Frysk yn it Primêr Underwiis net eat is dêr't jo samar alles eefkes yn in boek fan opskriuwe kinne. Frysk heart in alleduerigen oandachtspunt te wêzen, fan allerhanne ynstânsjes en yn it foarste plak fan alle basisskoallen

yn Fryslân. Wy hoopje fan herten dat wy troch dizze útjefte in positive ympuls jûn hawwe oan de kwaliteit fan it Frysk op de basisskoalle en oan de kwaliteit fan it ûnderwiis op de basisskoalle yn Fryslân yn it algemien.



1

De rol fan it Frysk yn it deistich libben en yn it ûnderwiis

Wannear't it giet om de oerdracht fan it Frysk wurdt oan it ûnderwiis in grutte rol takend. Dêrom skriuwe wy yn dit earste haadstik oer hoe't it der mei de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis foarstiet. Hoe seach en sjocht it belied derút? Hokker rol spile en spilet it Frysk op 'e skoallen?

Belied en ûnderwiispraktyk steane net op harsels. It brûken fan it Frysk yn it ûnderwiis is ûnderdiel fan it brûken fan it Frysk yn it deistich libben.

Dêrom begjinne wy dit haadstik mei in beskriuwing fan de rol dy't it Frysk spile en spilet yn it deistich libben yn Fryslân.

Oan 'e ein fan dit haadstik jouwe wy oan hokker konsekwinsjes dy beskriuwing hat foar it ûnderwiis Frysk.

Wy slute ôf mei in tal oandachtspunten.

1.1 Frysk yn it deistich libben

It brûken fan it Frysk

Yn 'e bondel **Snikken en Grimlachjes** (1867) skriuwt Piet Paaltjens yn syn gedicht: **De Friesche poëet**:

Wat al waatren rolden grimmig
Uw vernederde terpen voorbij,
Sinds in eigen taal uw kindren
Konden zeggen: "wij, Friezen, zijn vrij!"

Naar ploeg en koestal vluchtte

Uw taal, eenmaal Holland's schrik,
Om uw steden te zien verzinken
In allerlei vreemde kwik.

De kursivearre rigels fan dizze romantyske dichter hawwe Oebele Vries ynpirearre ta de titel fan syn boek oer it ûnderstrûpen fan it Frysk as skriuwtaal troch it Nederlânsk (Vries, 1993). It giet dan om de perioade oant 1580. Koartlyn kamen wy de dichtrigels wer tsjin yn in ynstjoerd stik yn it **Friesch Dagblad**. Diskear gong it oer de eangst foar it ferlern gean fan it Frysk troch nije kearndoelen foar it basisûnderwiis.

Is it Frysk yndie ta in taal wurden dy't benammen achter de ploech en yn 'e stâl brûkt wurdt, lykas Piet Paaltjens beskreaun hat? Hjirûnder in histoarysk oersjoch.

De âldste Fryske teksten binne in pear rune-ynskripsjes út it Noard-Nederlânske kustgebiet. Dy datearje fan de 3e oant de 8ste ieu. Op grûn fan bepaalde skaaimerken wurde se troch taalkundigen as (Anglo-)Frysk beskôge. It giet om inkele beswarringsformules, besitsmarkearringen en persoansnammen. Yn ier-midsieuske Latynske, Frankyske of Angelsaksyske teksten steane hjir en dêr inkele nammen of begripen dy't as Frysk te werkennen binne, mar folle tekstmateriaal is der net oerlevere. Wy kenne wol de namme fan in bard út 'e 8ste ieu, Bernlef, dy't yn 'e omkriten fan Usquert bekend wie omdat er sa moai sjonge koe oer de helden en foarfaars fan syn folk. Hy sil dat yn 'e folkstaal, it Frysk dien hawwe.



Taksishoutsje mei runen út de terp (wierde) fan Westeremden, Grinslân. Tekst: *op hæmu jibada æmluth: iwi ok up duna [a]le wimœd æh thusa* wat oerset wurde kin as 'op 'e pleats (hiem) bliuwt foarspoed; lit it waachse by de taksis op 'e terp; dit is (eigendom) fan Wimoed'.

Groninger Museum (Westeremden B, GM 1918-XI-1). Foto: John Stoel

Oant 1550 hawwe wy it oer it Ald-Frysk. Fan 'e 13e ieu ôf binne ferskate, benammen juridyske teksten en oarkondes oerlevere, dêr't guon fan werom lykje te gean op âldere foargongers. It liket derop dat it Frysk al dy tiid de taal fan it bestjoer, administraasje en rjochtspraak wie yn it gebiet tusken de Flie en Weser¹. Nei 1450 brokkele dy posysje yn 'e Grinzer Ommelannen en yn East-Fryslân al gau ôf. Om 1550 hinne is de ynfloed fan net-Fryske amtners ek yn Fryslân sa grut wurden dat de measte teksten dêrnei net mear yn it Frysk skreaun wurde. It Frysk bliuwt noch inkeld as sprektaal bestean.

Fan 1550-1800 hawwe wy it oer it Mid-Frysk. It tiidrek falt min ofte mear gear mei de ûntjouwing dat hieltyd bredere groepen yn 'e maatskippij tagong krije ta it (leger) ûnderwiis. Under ynfloed fan de herfoarme tsjerke en in hieltyd sintralistysker oerheid wie lykwols it Nederlânsk de taal fan 'e skoalle wurden. Yn it Frysk ferdwine de namfallen, it fokaalsysteem 'ferflakket' en de ynfloed fan it Nederlânsk is grut. Skriftlike taaluterings binne der noch wol, mar net folle: gelegenheidspoëzy, optekene folksrymkes en siswizen, wat wurdlisten en in inkeld toanielstik. Ien skriuwer stekt der fier boppe-út: Gysbert Japicx (1603-1666) fan Boalsert, dy't net ûnderdocht foar de Renêssânse-dichters dy't dan yn West-Europa de toan sette. Hy hat lykwols amper neifolgers en sa bliuwt it Frysk yn 't earstoan alhiel sûnder in eigen renêssânse as literêre (skriuw)taal.

¹ Bremmer (2004) beskriuwt yn **Hir is eskriven** dat wy ynstee fan 'al dy tiid' útgean moatte fan 'fan dy tiid ôf'.

Nei 1800 wurdt it Frysk op 'en nij ûntdekt, foar in part ûnder ynfloed fan 'e Romantyk, dêr't in protte oandacht wie foar folkstaal en folkskultuer, it oarspronklike en pastorale. Ek fanút it fermidden fan gelearden ûntstiet der belangstelling foar it Frysk, en ûnder harren ynfloed komt der ferlet fan nije taaluterings neffens de moade fan dy tiid. De bruorren Eeltsje (1797-1858), Tsjalling (1792-1852) en Joast Halbertsma (1789-1869) fine in grut lêzerspublyk mei harren rimen en teltsjes, en hja krije neifolgers.

De taalfaze fan it Nij-Frysk, dy't yn dit tiidrek begjint, falt ek gear mei doelbewust, modern taalwittenskiplik ûndersyk nei it Frysk. Ut de 19e ieu stamje de earste Fryske grammatika (1825, gearstald troch de Deenske taalkundige Rasmus Rask, Nederlânske oersetting 1832) en it besykjen te kommen ta in standardearre Fryske ortografy (1879). Der komme literêre selskippen op en de Fryske literatuer wurdt op 'en nij berne, al hat dy dan wol in protte wei fan **Heimatliteratur**. Yn 'e iere tweintichste ieu nimt in nije generaasje de fakkelfier. De **Jongfryske Mienskip**, oprjochte yn 1915 troch Douwe Kalma (1896-1953), siket oansluting by de 'echte' literatuer en útjouwers ferkenne de nije merk. It bestudearjen fan it Frysk yn wittenskiplik fermidden, in tanimmend tal Fryske publikaasjes en in tanimmende belangstelling foar it Frysk-eigene liede ta de winsk fan ûnderwiis yn it Frysk. Yn 1907 mei der op de legere skoallen Frysk jûn wurde, mar dan allinnich bûten de offisjele lessen om. It foaroarlochske tiidrek lit ek it begjin sjen fan in Fryske Beweging, folge troch in provinsjale taalpolityk, wêrmei it Frysk hiel hoeden in stik fan it publike fjild weromwint, dat it 400 jier earder kwytrekke wie. Yn 1937 mei it Frysk foar 't earst (fakultatyf) as skoalfak jûn wurde.

Nei de Twadde Wrâldoarloch nimt de rop om in grutter plak foar it Frysk yn it bestjoer, de rjochtspraak, tsjerke en it ûnderwiis ta. It proses kriget mei hoarten en stuiten syn beslach. Yn 1951 is der sels in opskuor mei geweld mei as ynset de posysje fan it Frysk yn 'e rjochtseal. It hat derta laat dat der fan 1953 ôf in offisjeel Haachsk stânpunt jildt oer it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear, yn 1956 folge troch wetlike regels. Yn 1955 wurdt it Frysk as fiertaal tastien op basisskoallen (wet Cals) en kaam der in MU-akte Frysk.

De jierren sechtich soargje foar in fierdere emansipaasje fan it Frysk, ûnder oaren troch de kar fan Provinsjale Steaten foar de lykweardigens en it lykberjochtsjen fan it Frysk en it Nederlânsk yn Fryslân. Yn 1980 waard it Frysk as fak ferplichte op 'e basisskoallen yn Fryslân en fan 1993 ôf moat it fak ek ferplichte oanbean wurde yn it fuortset ûnderwiis.

Ek yn it bestjoerlik ferkear tusken boargers en (provinsjale en gemeentlike) oerheden hat it Frysk in offisjele en beskerme posysje krigen. Yn 1995 en 1998 binne dêrfoar regelingen fan krêft wurden. Op 1 maart 1998 is der in ynternasjonaal ferdrach ratifisearre, dêr't Nederlân him yn ferplichtet ta beskerming fan it Frysk as minderheidstaal yn ferskate domeinen: it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen.

Nederlân hat hjirby maatregels ûnderskreaun ta fuortsterking fan it Frysk yn it ûnderwiis, de rjochtspraak, it bestjoer, de media, keunst en kultuer, soarch en ekonomy.

Taalsosjologysk ûndersyk

It earste grutte taalsosjologyske ûndersyk yn Fryslân datearret út 1967 (Pietersen, 1969). Hjiryn wurde lêsgewoanten, lêsfoararren, taalgedrach en taalattitude ûndersocht. Letter, yn 1972, is dit ûndersyk yn in folle wiidweidiger opset werhelle (Gorter e.o., 1984). Dan docht bliken dat sawat trijekwart fan 'e befolking yn Fryslân by steat is Frysk te praten. Yn trochsneed docht it bliken dat sa'n 12% it Frysk lykwols net trochjout oan 'e bern. It Frysk hat in sterke posysje yn 'e domeinen 'thús', 'buert', 'famylje en freonen'. Wannear't him yn dizze domeinen mingdtalige situaasjes foardogge, wurdt der meastentiids oerskakele fan it Frysk nei it Nederlânsk. It Frysk wurdt ek brûkt op it wurk en bûten de doar. Wannear't de situaasje formeler wurdt, of men praat tsjin 'e hegerein, dan nimt it persintaazje dat Frysk praat ôf. Yn 'e domeinen 'tsjerke', 'media' en 'polityk' is it oandiel fan it Frysk lyts. Yn it ûnderwiis is der neffens 1967 in ferskowing te sjen wat de omgongstaal oanbelanget: der binne mear bern dy't ynstee fan allinnich mar Frysk, neist it Frysk no ek it Nederlânsk brûke. Ien fan 'e konklúzjes is dat der twa belangrike tendinzen te ûnderskieden binne: oan 'e iene kant in beskieden proses fan ferfrysking, mei fan gefolgen dat der in bytsje Frysk kommen is yn dy domeinen dêr't it earder noch folle minder yn foarkaam. En oan 'e oare kant in folle sterker proses fan fernederlânsking, mei fan gefolgen dat it Nederlânsk op folle grutter skaal en folle djipper yn alle domeinen trochkrongen is.

Yn 1993 hat der wer in grut ûndersyk plakfûn: **Taal yn Fryslân op 'e nij be-sjoen** (Gorter en Jonkman, 1995). It docht bliken dat de twa tendinzen út it foarige rapport net sa sterk trochwurke hawwe as men ferwachte hie; it liket derop dat it brûken fan it Frysk aardich stabyl bleaun is, sawol yn ynformele as formele domeinen. It folgjen fan Frysktalige audio-fisuele media is neffens it foarige ûndersyk tanommen.

It tiidrek fan 1967 – 1994 gearfette:

	1967	1980	1994
ferstean	97,2	95,3	94,3
praten	84,9	73,4	74,0
lêzen	68,9	64,9	64,5
skriuwen	11,5	10,6	17,0

Boame **Gorter en Jonkman**, 1995, p. 8

Koartlyn is der yn opdracht fan Omrop Fryslân in ûndersyk dien nei de oerdracht fan it Frysk (Foekema, 2004). Dit ûndersyk moast antwurd jaan op de fraach of en wêrom't bern hjoed de dei minder Frysk brûke as foarhinne. De ûndersyksgroep bestie út âlden mei bern o/m 12 jier en pearen o/m 35 jier sûnder bern.

It docht bliken dat bern no minder Frysk prate as in generaasje lyn¹. Sawat alle ûnderfrege âlden kinne it Frysk ferstean (96%). Om ende by twatredde kin op syn minst 'frij maklik' Frysk prate. Dochs is it sa dat net alle partners, dy't beide it Frysk behearskje, ûnderling Frysk prate. (By 30% fan de pearen binne beide partners Frysktalich.) Mar wannear't âlden wol Frysk mei elkoar prate, dogge se dat meastentiids ek mei de bern en de bern mei harren. Fan in breklike oerdracht fan it Frysk fan âlden op bern is eins mar in lyts bytsje sprake.

Sadree't ien fan beide partners net Frysktalich is, wurdt de fiertaal tús hast altyd automatysk Nederlânsk. De fiertaal wurdt ek faak Nederlânsk sadree't Frysk pratende bern yn kontakt komme mei oare bern en der ien yn dy groep is dy't gjin Frysk praat.

¹ Dy 'generaasje lyn' bestiet dus út de neamde groep respondinten, dy't sels oanjûn hawwe of en wannear't sy eartiids sels Frysk praten.

De mearderheid fan de ûnderfrege pearen fynt it Frysk belangryk. In grutte mearderheid (85%) soe it (hiel) begrutlik fine wannear't it Frysk ferdwine soe. Ek Gorter en Jonkman (1995) konkludearje dat de grûnhâlding foar it Frysk oer posityf is. It makket lykwols wol ferskil wêrfoar, wannear't en hoefolle it Frysk brûkt wurdt. Sa fynt bygelyks ientredde it Frysk net geskikt as taal foar wittenskip en technyk, en sawat de helte fynt dat in Frysktalige brief oan de gemeente net yn it Frysk beäntwurde hoecht te wurden. Ek komt nei foaren dat men yn earste ynstânsje posityf oardielt oer twatalich ûnderwiis mei in evenredige ferdieling tusken it Frysk en it Nederlânsk. Mar sadree't it giet om in grutskalige, konkrete útwurking hjirfan, is it draachflak lytser.

Ploeg en koestal?

Benammen yn 'e rin fan de foarige ieu hat it Frysk in steviger posysje krigen. It Frysk is net in taal dy't foaral achter de ploech en yn 'e stâl brûkt wurdt. Ek yn oare domeinen wurdt it Frysk brûkt, bygelyks yn it ûnderwiis. It proses fan in beskieden ferfrysking en sterke fernederlânsking dat yn 1984 konstatearre waard, liket yn 1995 stabyl te wêzen, lykas wy earder opmurken hawwe.

It grutste part fan 'e Fryske befolking fynt it Frysk belangryk. Oan it ûnderwiis wurdt yn it oerdragen fan it Frysk in wichtige rol takend. Yn 'e folgjende paragraaf sille wy fierder yngean op dy rol fan it ûnderwiis. Wat hawwe de motiven west, of binne de motiven om oandacht te jaan oan it Frysk op skoalle? Hoe kriget dat yn 'e praktyk stal?

1.2 Frysk op skoalle

Motiven

Der binne ferskillende mooglike motiven om it Frysk in plak te jaan yn it ûnderwiis:

Pedagogysk-didaktyske arguminten

Bern moatte de mooglikheid hawwe om har memmetaal fierder te ûntwikkeljen. Dat jildt foar bern dy't it Nederlânsk as earste taal hawwe en ek foar bern dy't it Frysk as memmetaal hawwe. Dy taalûntwikkeling beheint him net allinnich ta de mûnlinge taalfeardigens; ek de ûntwikkeling fan skriftlike taalfeardigens heart dêrby. Boppedat hat in goede behearsking fan 'e memmetaal in positive útwurking op de ûntwikkeling fan 'e taalfeardigens yn 'e twadde taal (sjoch ek Haadstik 2). Foar net-Frysktalige bern jilde niisneamde arguminten net. Lykwols: ek foar harren kin oandacht foar it Frysk op skoalle in positive útwurking hawwe: hja kinne twatalich wurde. En twataligens hat ûnder oaren in positive ynfloed op it kognitive funksjonearjen.

Wannear't der Frysk op skoalle brûkt wurdt, kin dat foar Frysktalige bern ek tsjinje om de kleau tusken skoal- en thústaal wei te nimmen.

Kultureel-maatskiplike arguminten

Fryslân is in twatalige provinsje: typearjend foar de Fryske kultuer is dat der twa talen brûkt wurde. Behearsking fan it Frysk is ta nut foar it maatskiplik funksjonearjen, bygelyks yn 'e deistige kontakten mei leeftydsgenoaten, famylje, buert, en letter ek yn it wurk (tink oan sûnenssoarch, tsjinstferliening, media, oerheid).

Wannear't bern op skoalle ek yn kontakt komme mei it Frysk, dan kinne sy yn 'e kunde komme mei en dielnimme oan dizze twatalige kultuer yn Fryslân. It ûnderwiis hat in belangrike funksje yn dy kultueroerdracht.

Taalpolitike arguminten

Oandacht foar it Frysk yn it ûnderwiis kin ek te meitsjen hawwe mei it strjiben om de Fryske taal te behâlden. It Nederlânsk hat yn it algemien in hegere status as it Frysk en it wurdt yn alle domeinen brûkt. It Nederlânsk had dus in protte ynfloed, wêrtroch it brûken fan it Frysk yn 'e knipe komme kin en it plak fan it Frysk bedrige wurdt. Wannear't hieltyd minder bern Frysk leare, sil dat it plak fan it Frysk ferswakje. Wannear't der Frysk

op skoalle leard wurdt, kin dat ek wêze om in bydrage te leverjen oan it fuortsterkjen fan it plak fan it Frysk.

Dizze ferskillende motiven spilen en spylje allegear in rol by de ûntwikkeling fan belied en it útfieren dêrfan yn 'e praktyk, wêrby't yn 'e rin fan 'e tiid de klam wolris wikselet. Yn 'e diskusjes oer it belied oangeande it Frysk yn it ûnderwiis rinne de niisneamde motiven gauris troch elkoar.

Untwikkelingen yn it oerheidsbelied

Yn it earstoan wie it Frysk allinnich de omgongstaal op skoalle. De fiertaal/ynstruksjetaal wie it Nederlânsk. Yn in ûnderwiisalmanak fan 1816 stiet it advys oan ûnderwizers 'om toch vooral het vriesch boers niet te gedogen' (Boelens e.o., 1981, s. 118). De achterlizzende gedachte wie dat it brûken fan it Frysk skealik wie foar it learen fan it Nederlânsk. Bern wurde dus folslein ûnderdompele yn it Nederlânsk, in taal dy't foar de measte bern net de memmetaal wie. It belied wie net rjochte op twataligens.

Yn 1907 joegen de Provinsjale Steaten foar it earst subsydje om bûten skoaltiid Fryske les mooglik te meitsjen. Tritich jier letter mei it Frysk ûnder skoaltiid foarkomme. Net as apart fak, net as fiertaal, mar as in lyts ûnderdiel fan taalûnderwiis yn it Nederlânsk. 'Daar waar naast het Nederlands een streektaal in levend gebruik is, kan onder lezen en Nederlandse taal enige kennis van die streektaal begrepen zijn'. Bern yn Fryslân wurde dan noch hieltyd ûnderdompele yn it Nederlânsk, dêr't de oandacht dy't der yn it taalûnderwiis wêze mei foar it Frysk, wiist op in lichte foarm fan in transysje-oanpak (sjoch Haadstik 2). It belied is hjirmei foarsichtich rjochte op (feitliks) ientaligens (sjoch skema s. 36).

Yn 1955 kaam der, ûnder ynfloed fan de emansipatoaryske beweging yn it begjin fan 'e jierren '50 in wetswiziging: 'Daar waar naast de Nederlandse taal de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is, kan het leerplan bepalen, dat ten hoogste tot in het derde jaar de Friese taal of de streektaal als voertaal in het onderwijs wordt gebezigd'. Dat wiist op in swierdere foarm fan transysje. Yn 'e earste jierren mei it Frysk wol in rol spylje op skoalle, mar allinnich as brêge tusken thústaal en skoaltaal. Nei it tredde jier (de hjoeddeiske groep 5) wurdt der folslein oergongen op it Nederlânsk. Dit belied is rjochte op (feitliks) ientaligens. It motyf om oandacht te jaan oan it Frysk is benammen pedagogysk-didaktysk.

Yn 1974 folget der noch in wetswizinging: it Frysk mei no ek yn de hegere learjierren as fiertaal brûkt wurde. Dat ymplisearret dat der ek oare motiven meispylje. Yn 'e praktyk docht bliken dat der mar in lyts tal skoallen gebrûk makket fan dizze mooglikheid. Op de measte skoallen bliuwt it sa dat bern folslein ûnderdompele wurde yn it Nederlânsk. It belied mei dan rjochte wêze op twataligens foar in part, yn 'e praktyk is de útkomst ientaligens.

Yn 1980 wurdt it Frysk as fak ferplichte op skoalle, it brûken fan it Frysk as fiertaal is fakultatyf. Oan it plak fan it Frysk op skoalle wurde gjin beheinungen oplein. Der mei bygelyks likefolle tiid oan it Frysk as fak bestege wurde as oan it Nederlânsk. Skoallen binne ek frij om fêst te stellen hoe grut as it oandiel fan it Frysk as fiertaal is. Hjirmei is dus ôfstân dien fan in transysjoneel model.

Begjin jierren '80 wurdt der in grut SLO-projekt opsetten en útfierd: **Naar een leerplan Fries**. It earste learplan Frysk is dan in feit (Meestringa en De Jong, 1983). As motiven foar it Frysk yn it ûnderwiis lizze hja de klam op it kulturele motyf:

'Om misverstanden te voorkomen wijzen we er nogmaals op dat de onderscheiden motieven vaak in elkaar overlopen en niet te scheiden zijn. Naar onze mening zijn ze echter wel te **onderscheiden**. Hoewel elke school het recht heeft een eigen uitgangspunt te kiezen voor onderwijs in de Friese taal, lijkt ons het culturele motief voor alle scholen in Friesland het meest van toepassing. We willen de andere motieven niet afwijzen, maar het benadrukken van het pedagogisch-didactische, het taalpolitieke motief of de verkleining van de kloof tussen school en thuis leidt onzes inziens tot een onjuiste invulling' (De Jong en Meestringa, 1981).

By it learplan ferskynt in boek mei achtergrûnynformaasje en praktyske suggestjes om it learplan oer te setten nei de praktyk (Meestringa, 1985). Ek jout it de skoallen help de oandacht foar it Frysk op te nimmen yn it skoalwurkplan. Nettsjinsteande al dizze ynspanningen bliuwt it Frysk op skoalle in beskieden plak ynnimmen.

De earste generaasje kearndoelen wurde fêststeld yn 1993. Dizze kearndoelen hawwe te krijen mei it learstofaanbod; it binne 'eisen aan leraren om kinderen in elk geval datgene aan te bieden wat in de kerndoelen staat beschreven' (Beernink en Letschert, 2004). De earste generaasje kearndoelen foar it Frysk is gelyk oan it Nederlânsk. Fan transysje is dan gjin sprake

mear; it belied is rjochte op folsleine twataligens. Yn 'e praktyk docht bliken dat der grutte ferskillen binne yn it learstofaanbod Frysk en Nederlânsk; it Nederlânsk hat in folle gruttere rol. Yn trochsneed wurdt oan it fak Frysk sa'n 30 à 40 minuten yn 'e wike bestege. En as fiertaal wurdt it Frysk faak allinnich yn 'e ûnderbou brûkt. Wie it belied rjochte op folsleine twataligens, yn 'e praktyk is it doel no (feitliks) ientaligens of yn it gunstichste gefal twataligens foar in part.

Yn 1989 hawwe de provinsje Fryslân en it Ryk foar it earst in Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer fêststeld. In nije (tredde) bestjoersôfspraak waard ûndertekene yn 2001, doe't yn 1998 it **Europese handvest voor regionale of minderheidstalen** foar Nederlân fan krêft waard. Hjirmei ûnderskriuwe provinsje Fryslân en it Ryk in belied dat derop rjochte is dat der gâns in part fan 'e lessen op Fryske basisskoallen yn it Frysk jûn wurdt. Yn sawol it earste as it twadde rapport fan de Rie fan Europa (2001, 2004) wurdt konstataarre dat hjir net oan foldien wurdt.

Yn 2006 krije de skoallen te meitsjen mei nije keardoelen. Dizze keardoelen meitsje it foar skoallen mooglik har ûnderwiisoanbod adekwaat ôf te stimmen op de taalachtergrûnen en -kompetinsjes fan 'e learlingen. Foar Frysk- en twatalige learlingen is dit belied rjochte op twataligens. Foar Nederlânsktalige bern liket it rjochte te wêzen op in beheindere foarm fan twataligens. Lykwols: it stribjen moat wêze om mei alle learlingen sa fier mooglik te kommen (sjoch Haadstik 3). Skoallen ûntwikkelje hjirfoar taalbelied en beskriuwe en ferantwurdzje har keuzes en wurkwize yn har taalbeliedsplan (sjoch Haadstik 4).

Vogl (2002) fettet de hjirboppe beskreaune ûntwikkelingen gear as: '... eine lange Zeit **der Tolerantion** bis 1955, danach eine Phase der **Non-Discrimination** bis Mitte der siebziger Jahre, gefolgt von einer Politik der **Permission** bis zu Einführung der Kernziele für das Friesische im Jahr 1993, die nahelegt, über eine Einstufung der aktuellen friesischen Unterricht als **Promotion** nachzudenken' (Vogl, 2002, p. 83).

Nei taalbelied op skoalle

Hjirûnder sille wy neier yngean op ûnderwerpen dy't in rol spylje by dit feroare belied. Dat binne tagelyk ûnderwerpen dy't fan belang binne by it ûntwikkeljen fan taalbelied op skoalnivo.

Taalachtergrûn learlingen

Yn 'e ôfrûne fiif jier is neffens direkteuren fan skoallen it persintaazje Frysk pratende learlingen op mear as ientredde part fan 'e skoallen ôfnommen. Op krapoan de helte fan 'e skoallen is der gjin feroaring yn kaam en fan in tanimmen fan Frysktalige learlingen is hast hielendal gjin sprake mear.

Dizze gegevens komme fan 'e Ynspeksje fan it ûnderwiis (2005).


De Frysktaligens fan de learlingen liket dus ôf te nimmen. Dat byld komt oerien mei in fjildûndersyk fan de SLO (Jans, 2004), dêr't 119 skoallen yn behelle wiene. Foar 51% fan 'e learlingen fan 'e skoallen dy't ûndersocht binne, jildt dat se fan hûs út Frysktalich binne en troch ûnder oaren skoalle en media yn kontakt komme mei it Nederlânsk. Foar 44% fan 'e learlingen jildt dat se fan hûs út Nederlânsktalich binne. De memmetaal fan de oare 5% is of in Fryske streektaal of in oare taal as it Nederlânsk of Frysk.

Underwiisoanbod

Ut in ûndersyk fan 2001 docht bliken dat mar 26% fan 'e skoallen in oanbod hat dat oerienkomt mei wat yn 'e keardoelen fêststeld is (Ynspeksje, 2001). It grutste part fan 'e skoallen is by it fêststellen fan it learstofaanbod net útgien fan 'e keardoelen. In protte skoallen brûke de metoade de Fryske Taalrotonde. Dizze metoade foldocht yn grutte linen oan 'e keardoelen. De metoade wurdt lykwols net systematysk brûkt, wêrtroch it learstofaanbod sa noch net foldocht oan 'e keardoelen.

It Ynspeksjerapport fan 2005 jout mear detaillearre ynformaasje oer de ferskillende keardoelen. It docht bliken dat 81% fan 'e skoallen neffens direkteuren it learstofaanbod by it keardoel skriuwen net neistribbet. De situaasje is foar de oare keardoelen wat geunstiger, mar sels foar it earste keardoel (in positive attitude foar it Frysk oer) jildt dat sawat in fjirdepart fan 'e skoallen dy net neistribbet (sjoch de ûndersteande grafyk).

keardoel net of amper neistribbe (persintaazje)



Grafyk Te sjen is yn hoefier't skoallen neffens de direkteur de seis keardoelen yn it hjoeddeiske learstofafoanbod neistribje.

Boarne Ynspeksje fan it ûnderwiis (2005).

10% fan 'e skoallen biedt hielendal gjin ûnderwiis yn it Frysk oan. Dêr hearre ek de skoallen op 'e waadeilannen by en de Stellingwerven. Yn 73% fan 'e skoallen wurdt Frysk yn alle jierren fan it primêr ûnderwiis jûn; dat wikselet fan 15 oant 90 minuten yn 'e wike, yn trochsneed sa'n 30 minuten. Fan 'e skoallen dy't Frysk jouwe, is dat hast oeral it gefal: sawol yn 'e ûnder-, midden- as boppebou (Jans, 2004).

Dizze gegevens komme likernôch oerien mei it Ynspeksjerapport fan 2005; neffens de direkteuren wurdt der yn groep 1/2 trochstrings in healere yn 'e wike oan it Frysk bestege en yn 'e groepen 3 o/m 8 in healere oant trije kertier. It Frysk wurdt op de measte skoallen net of mar ynsidinteele bewust as fiertaal ynset by Nederlânske taal, it lêzen of it rekkenjen. Frysk komt sa no en dan foar by de saakfakken (15%), de kreative fakken (30%) en it bewegingsûnderwiis (23%).

By in lykwichtige tiidsferdieling tusken ûnderwiis yn it Frysk en it Nederlânsk soene de prestaasjes yn it Frysk tanimme moatte. Foar it Nederlânsk soene dy yn alle gefallen itselde bliuwe moatte (Tjerkstra, 1999). Op skoallen dy't meidogge oan it projekt De Trijetalige Skoalle is in lykwichtige ferdieling trochfierd. It docht bliken dat Fryske beukers gelyk skoare op it Frysk en it Nederlânsk. De Nederlânsktalige beukers bliuwe achter op de Fryske toetsen; de skoares op de Nederlânske toets binne te

ferlykjen mei dy fan de Frysktalige beukers. De Nederlânsktalige beukers binne dus noch net twatalich, dêr is har memmetaal noch te dominant foar (Ytsma en Beetsma, 2001).

It brûken fan it Frysk as fiertaal is oer it gehiel nommen beheind, útsein yn 'e ûnderbou. Pedagogyske motiven spylje hjirby in rol; it Frysk tsjinnet om de oergong fan thús nei it funksjonearjen op skoalle foar Frysktalige beukers wat minder grut te meitsjen. Wat heger de groepen, wat faker it Nederlânsk de fiertaal wurdt.

It Frysk wurdt it minst as fiertaal brûkt by it fakgebiet Nederlânske taal, dêrnei respektivelik by it rekkenjen/wiskunde, de saakfakken en ekspresje/gimmestyk. Frysk as fiertaal wurdt benammen ynsidinteele en ynformeel brûkt op spesjale (net fakbûne) mominten. Leararen brûke fierders spoaradysk skriftlike materialen yn it Frysk. Wannear't hja Frysktalich materiaal brûke, dan is dat by de saakfakken.

Yn 'e lêste jierren liket it derop dat skoallen feroaring yn dy situaasje bringen wolle. By Taalsintrum Frysk komme hieltyd mear fragen fan skoallen dy't te krijen ha mei it Frysk as fiertaal.

Belied

It docht bliken dat der net folle skoallen binne dy't eksplisyt belied meitsje oangeande it Frysk as fiertaal (Van Langen en Hulsen, 2001; Jans, 2004). Neffens it Ynspeksjerapport fan 2005 wurdt yn 63% fan 'e skoallen de fisy op it Frysk opnommen yn it skoalplan. Op sawat in fierdepart fan 'e skoallen is der gjin inkeld dokumint dêr't út blykt wat de fisy oangeande it Frysk is. Op 12% fan de ûndersochte skoallen, dat is op 45 skoallen, is der in taalbeliedsplan oanwêzich. Fan 'e 45 skoallen mei in taalbeliedsplan hawwe 15 in taalkoördinator. Likernôch de helte dêrfan jout yn it taalbeliedsplan apart oandacht oan it Frysk.

Opfettings en feardichheden fan leararen

Foar goed Frysk taalûnderwiis is in goede behearsking fan it Frysk troch leararen in earste eask. It liket derop dat de behearsking fan it Frysk troch leararen de lêste jierren derop foarútgien is. Yn 'e ûndersteande tabel wurdt dat dúdlik. In ferklearring foar de ferskillen soe lykwols wêze kinne dat foar de situaasje yn 2001 it om de útspraken fan direkteuren giet oer yn hoefier't har leararen it Frysk behearskje, en yn 2004 giet it om útspraken fan de leararen sels.

	ferstean		praten		lêzen		skriuwen	
	2004	2001	2004	2001	2004	2001	2004	2001
floeiend	78	70	62	53	42	41	11	14
goed	20	19	23	20	39	26	25	16
foldwaande	2	7	9	11	15	16	33	25
mei muoite	—	2	4	8	3	9	22	22
net	—	2	2	8	1	8	9	22

Tabel **Behersking fan it Frysk troch leararen** in 2004 (n=808) en 2001 (n=3300), yn persintaazjes. Boarne **Ynspeksjerapport 2005**.

Gegevens út 2001 binne ûntliend oan **Ynspeksje fan it Underwijs (2001)**.

Leararen neame útienrinnende motiven om Frysk te jaan op skoalle. Neffens Jans (2004) fine leararen it behâld fan it Frysk it belangrykste motyf; de wetlike ferplichting fine se it minst belangryk. Dit wurdt net befêstige troch ûndersiken fan de Ynspeksje (sjoch ûndersteande tabel).

Wy jouwe it fak Frysk omdat:	1999	2004
... it wetlik ferplichte is	27	35
... learlingen yn in twatalige situaasje funksjonearje kinne moatte	38	30
... wy in bydrage leverje wolle oan it behâld fan de Fryske taal en kultuer	21	25
...wy de kleau tusken thústaal en skoaltaal foar learlingen oerbrêgje wolle	12	8
... kombinaasje fan útgongspunten	2	—
... net fan tapassing (gjin Frysk op skoalle)	—	2

Tabel **Motiven foar it jaan fan it fak Frysk, útdrukt yn persintaazjes** Boarne **Ynspeksjerapport 2005**.

Sifers oer 1999 binne ûntliend oan **Ynspeksje fan it ûnderwiis (2001)**.

It is ek nijsgjirrich om in byld te krijen fan wat foar de leararen de belangrykste doelen binne fan de lessen Frysk. It doch bliken dat leararen it ferstean kinnen fan it Frysk dan it belangrykst fine. Frysk lêze en skriuwe kinne, wurdt minder wichtich fûn. It docht bliken dat in ûnderskied yn skoalske taken en funksjonele taken yn dizze folchoarder net relevant is.

Doelen foar ûnderwiis yn it Frysk, yn folchoarder fan wat it meast nei wat it minst neamd wurdt:

- 1 It ferstean fan in Frysk telefoanpetear.
- 2 Frysk fan buertbewenners ferstean.
- 3 Opdracht learaar yn 't Frysk ferstean.
- 4 Radio/televyzjeprogramma folgje kinne yn it Frysk.
- 5 Yn it Frysk omgean kinne mei freonen.
- 6 Yn it Frysk omgean kinne mei klasgenoaten op it boartersplak.
- 7 Fryske oankondigings/affysjes lêze kinne.
- 8 Oan freonen yn it Frysk útlizze kinne wat eat betsjut.
- 9 Telefoanpetear yn it Frysk fiere kinne.
- 10 Rekkenles yn it Frysk begripe kinne.
- 11 In Frysk krante-artikel begripe.
Immen yn it Frysk it paad wize kinne.
- 12 Fryske lêsböeken lêze kinne.
- 13 In ienfâldich boadskip yn it Frysk opskriuwe kinne.
In boekferslach yn it Frysk meitsje kinne.
- 14 In stikje yn it Frysk skriuwe kinne foar in buertkrante of soksawat.
- 15 Yn it Frysk in brief oan 'e famylje skriuwe kinne.
- 16 Ferslaggen meitsje kinne yn it Frysk

Jans, M. (2004). De positie van het Fries in het Primair Onderwijs in Friesland. Een veldonderzoek. Enschede: SLO

Yn it niisneamde Ynspekse-ûndersyk (2001) binne oare kompetinsjes dy't fan belang binne by twatalich ûnderwiis ûndersocht. In analyze fan it didaktysk hanneljen fan de leararen lit sjen dat in oantal essensjele aspekten noch net foldwaande yn it hanneljen fan de leararen opnommen is. Hoewol't se goed op 'e hichte binne fan de taalachtergrûn fan de learlingen, differinsjearje leararen mar amper. Hja stimme oer it generaal har hanneljen te min ôf op it ferlet en de mooglikheden fan de yndividuele learlingen. Ek út it lêste Ynspekse-berjocht (2005) docht bliken dat direktueren oanjouwe dat sawat trijekwart fan 'e leararen gjin rekken hâldt mei ferskillen tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen. De situaasje liket de lêste jierren dus net feroare te wêzen.

Fierders is der neffens it Ynspekse-berjocht út 2001 suver gjin oandacht foar en sprake fan transfer. It docht bliken dat it ûnderwiis yn it Frysk in iso-learre fakgebiet is. Lês- en skriuwstrategyen bygelyks, dy't by it fakgebiet

Nederlânsk leard wurde, wurde amper tapast. Wat in mooglike trochgeande line oanbelanget: it docht bliken dat ientredde part fan 'e leararen net op 'e hichte is fan it oanbod Frysk yn 'e foarige learjierren. It is net de gewoante om de ûntwikkeling fan de learlingen op de ien of oare wize fêst te lizzen.

1.3 Perspektiven foar it learplan

Wannear't wy sjogge nei de ûntwikkelingen yn it belied, lykas dy yn 'e foari-ge paragrafen beskreaun binne, en hoe't it yn 'e praktyk om en ta giet, dan sjogge wy in grutte kleau. Miskien kin dit learplan ien fan de middels wêze om dy kleau ticht te meitsjen. Hjirûnder neame wy in tal ûnderwerpen dy't dêrby wichtich binne. Dy wurde yn 'e folgjende haadstikken fierder útwurke.

Wy hawwe sjoen dat de learlingepopulaasje op skoallen heterogener wurdt. It learplan sil dus sa fleksibel wêze moatte, dat it romte jout oan dy feroarjende situaasje. Der sil dus in differinsjearre oanbod mooglik wêze moatte (sjoch Haadstik 3).

Fierders hawwe wy sjoen dat de hâlding fan âlden foar it Frysk op skoalle oer yn 'e grûn wol posityf is, mar sadree't it om in konkretere útwurking giet, wurdt dy hâlding ferskillend. Motiven fan leararen om Frysk op skoalle te jaan binne ek ferskillend. Adekuate ynformaasje oer twataligens en twatalich ûnderwiis is dêrom fan belang (sjoch Haadstik 2).

Belangryk is dat der mear tiid foar it Frysk as fak útlutsen wurdt. Mei yn trochsneed sa'n healoare yn 'e wike sil it foar in protte (Nederlânsktalige) learlingen in probleem wurde om har taalfeardigens yn it Frysk te ûntwikkeljen. Dat mear tiid foar it Frysk net ta skea hoecht te wêzen foar de taalfeardigens yn it Nederlânsk, wurdt taljochte yn Haadstik 2. Transfer spilet hjirby in krusiale rol.

Wannear't wy berikke wolle dat safolle mooglik bern yn Fryslân twatalich wurde, dan betsjut dat (ôfhinklik fan de begjinsituaasje fan learlingen) omtinken foar alle feardichheden yn it Frysk: foar harkjen, praten, lêzen en skriuwen. Foar dizze fjouwer feardichheden (en foar 'attitude' en 'taalskôging') binne tuskendoelen en learlinen útwurke (sjoch Haadstik 3).

Om twatalich wurde te kinnen, achtsje wy ûnderwiis fan twa talen (it Nederlânsk en it Frysk) net foldwaande. Dat twatalich ûnderwiis nei ús betinken in passende ynfolging is, ljochtsje wy fierder ta yn Haadstik 2. Neist Frysk as fak is Frysk as fiertaal dan fan belang. By de útwurking fan de keardoelen yn tuskendoelen en learlinen jouwe wy hjirfoar suggestjes (sjoch Haadstik 3).

By it realisearjen fan twatalich ûnderwiis hat de learaar in sintrale rol. Neist it behearskjen fan it Frysk, by steat wêze om te differinsjearjen, goed taalûnderwiis jaan kinne, is het benammen fan belang dat hy de didaktyk foar twatalich ûnderwiis yn 'e macht hat. Hy jout ôfwikseljend les yn it

Frysk en yn it Nederlânsk, mei Frysktalich en Nederlânsktalich materiaal (mar is dêr net ôfhinklik fan). It is de keunst om beide talen op in natuerlike manier te brûken. Dêrfoar sil it nedich wêze om 'âlde' oertsjûgingen en gewoanten los te litten. Belangryk is dat teamleden beprate hoe't sy leare wolle har gedrach te ferbetterjen en hoe't sy elkoar dêrby helpe sille. De ôfspraken dy't in team hjiroer makket, meitsje diel út fan it te ûntwikkeljen taalbelied (sjoch Haadstik 4). De oandachtspunten oan 'e ein fan elts haadstik kinne dêr in paadwizer by wêze.

Oandachtspunten

- 1 Wat is de hâlding fan jo sels foar it Frysk oer? Hokker motiven binne foar jo en jo team fan belang om oandacht foar it Frysk te hawwen op skoalle?
- 2 Binne jo op 'e hichte fan de taalachtergrûn fan jo learlingen? Wat is de taalachtergrûn fan jo learlingen (persintaazje Frysktaligen, Nederlânsktaligen, twataligen, oarstaligen)?
- 3 Wat is de hâlding fan jo learlingen en har âlden foar it Frysk oer? Hoe belangryk fine se oandacht foar it Frysk yn it ûnderwiis; oan hoksoarte aktiviteiten tinke se dan?
- 4 Hoe soe neffens jo oandacht foar it Frysk yn it ûnderwiis der yn grutte linen útsjen moatte?
- 5 Binne jo by steat (josels en jo team) en jou dy oandacht oan it Frysk?





